

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 42 Reglement van Orde

Rjochte oan DS / lid DS	Klaas Fokkinga
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Hjoed makke it Sintraal Buro foar de Statistyk (CBS) de nijste sifers bekend oer de ûntjouwing fan de befolking yn de Fryske gemeenten. Neffens CBS-wurdfierder Dick ter Steege kin de diskusje oer krimp foarearst ôfsletten wurde.¹</p> <p>Basearre op sifers en prognoazes fan doe binne yn 2015 foar it lanlike Twadde Aksjeplan Befolkingsdaling² saneamde krimpregio's oanwiisd. Dat belied hat de gebieten it negative etiket fan de 'krimp' oplevere. En dat wylst al sûnt 2015-2016 in trend sichtber is dat wer mear minsken nei de minder drokke dielen fan Nederlân ferhúzje.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Is it kolleezje fan betinken dat de yndieling fan krimpregio's (en antisipaasjeregio's) mei de nije sifers yntusken efterhelle is en dat wy belied nedich hawwe dat better oanslút op de aktuele lokale situaasje, lykas mei de Regiodeals bart?2. Is it kolleezje it mei de FNP iens dat it etiket 'krimp' in negatyf stigma jout oan ús gemeenten en dêrmei de takomst ûntjouwing fan ús mienskip yn guon gefallen beheine kin? <p>It nije regear sil de kommende tiid oan de slach moatte mei it regionale belied, sa skreau de Minister yn maaie 2021 oan de Twadde Keamer.³</p> <ol style="list-style-type: none">3. Is it kolleezje it mei de FNP iens dat it dan no it momint is foar de oerheden yn Fryslân om mei-inoar de ynset foar de kommende jierren nei it regear ta te bepalen op basis fan it reële ferlet yn ús gemeenten, yn stee fan op grûn fan efterhelle prognoazes of te ambisjeuze doelstellings? Soe it kolleezje syn ideeën op dat mêd mei ús diele wolle?
Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Sijbe Knol
Datum	4 jannewaris 2022

¹ Omrop Fryslân, 'Befolkingsgroei Fryslân giet hurder: trijetûzen Friezen derby', 4 jannewaris 2022; sjoch ek: Leeuwarder Courant, 'Snelste toename Friese bevolking in twintig jaar', 4 jannewaris 2022;

² Ministerie van BZK, 'Actieplan Bevolkingsdaling', maart 2016; sjoch ek: Ministerie van BZK, 'Evaluatie Tweede Actieplan Bevolkingsdaling', april 2021;

³ Minister van BZK, 'Kamerbrief over evaluatie Actieplan Bevolkingsdaling en aandachtspunten voor regionaal beleid', 18 mei 2021.